Fries, leesvaardigheid (oude stijl) en Fries (nieuwe stijl)

Examen VWO

Voorbereidend
Wetenschappelijk
Onderwijs

20 01

Tijdvak 1
Dinsdag 29 mei
13.30 – 16.30 uur

Tekstboekje

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Tekst 1 Memmetaal

1 Wêrom is taal sa belangryk? Hoe komt it, dat taal de minsken mei inoar ferbynt, mar ek skaat, ek yn dy gefallen wêryn't se inoars taal dochs wol ferstean kinne? Wêrom binne persoanen en groepen krekt sa oan har memmetaal ferbûn en, op útsûnderingen nei, folle minder oan in taal dy't hja yn lettere jierren leard hawwe, ek al hawwe hja dy taal skoan yn 'e macht? Hoe sit in minske dochs yninoar, dat him de earste taal dy't er as lyts bern te hearren krijt en praten leart, sa nei oan it hert leit, dat dy taal him letter as in hast natuerlik ûnderdiel fan syn bestean, as in biologysk lichemsdiel, ja as dat hert sels foarkomt? En hoe komt it, dat men dit eigentlik allinnich dan begrypt en oanfielt as men sels de kleau tusken memmetaal en kultuertaal 'libbensliif' ûnderfûn hat, en dat minsken en groepen, foar wa't dy kleau gjin selsbelibbe realiteit is, har amper foarstelle kinne dat in minske waarm rinne kin foar syn memmetaal en it mar in beskamsume en ûnweardige fertoaning fine, as grutte minsken har yn sokke saken sa emosjoneel opstelle? Hoe komt it dat it iene foar de oare partij in like grut riedling is as it oare foar de iene?

2 Taal is net oanberne, mar oanleard. Taal is altyd in taal, in bepaalde taal, mar it hie krekt allike goed in oarenien wêze kinnen. It tal typen, foarmen, mooglikheden fan talen is ûnfoarstelber grut. Der binne yn de wrâld tûzenen yn gebrûk en der hawwe ek in soad west, miskien ek wol tûzenen, dy't no fergetten binne, en der sille nei alle wierskyn noch gâns komme dy't der no noch net binne en dêr't wy ús no noch gjin foarstelling fan meitsje kinne. En dan hawwe wy it allinnich noch mar oer tsjintwurdige, eardere en takomstige wurklike talen; der hiene lykwols folle mear wêze kinnen, want der binne noch folle mear mooglik as dy't realisearre binne. De mooglikheden binne nei alle wierskyn noch lang net útput en ûnútputber.

3 Dat it krekt dizze talen wurden binne en gjin oare, is fan de minske út sjoen tafal. En dat der foar dy iene minske dy iene taal is, sadat der foar him gjin oare mear yn oanmerking komt en mooglik is, is ek tafal. Oft de bekende gjalp, dat ik krekt sa goed yn in Yndianewigwam te wrâld komme kinnen hie as yn in Frysk of Nederlânsk hûs, en dan Algonkin praat hie ynstee fan Frysk of Nederlânsk, eigentlik wol sin hat, dy fraach kinne wy hjir wol gewurde litte. De tafallichheid fan it feit, dat in bepaald minske in bepaalde taal 'hat', leit him yn de ôfwêzichheid en ûnfoarstelberheid fan ek mar hokfoar ferbân tusken syn oanberne eigenskippen, erflike formaasje- en reaksjepatroanen en de taal dy't er leard hat te ferstean en te praten. Wat al oanberne is en yn de gromosomen sit, is dàt men praat, of, as de gromosomen ûnfolweardich binne, gjin praten leare kin.

4 Mar hokker taal men leart, is histoarysk en kultureel bepaald. Salang as it bern noch net prate kin, is it yn it praten learen omnipotint[1]). Sadree as it praten leart en leard hat, rekket it dizze omnipotinsje kwyt en is it op dizze iene taal fêstlein. Dit is in wat komplisearre parallelferskynsel fan de út de dierpsychology bekende 'Prägung', ôfstimpeling, dy't makket dat it einepykje, noch mar krekt út it aai, mar dochs al by steat om te rinnen, efter mem-ein oanwjukkelet en dêr net wer mei ophâldt ear't it folwoeksen wurden is, mar efter elts oar libben wêzen of beweegjend ding oandrave soe as mem-ein op dat kritike momint yn syn bestean, op de foar him krekt passende tiid, net oanwêzich wêze soe en dy oare, de oppasser bygelyks of dat stik meganyk, al. As mem-ein de oare deis werom komt, hat se gjin skyn fan kâns mear by har pykje en kin se de oppasser of it stik meganyk net mear út it stee keare.

5 By it learen fan taal giet it fansels wol hiel oars, yn safier dat it proses folle mear eleminten ynhâldt en miskien wol like folle jierren beslacht as by it einepykje minuten. Op elk trajekt binne der foar it praten learende bern folle mear frijheidsgraden, alternative mooglikheden foar oanlearen. Mar al nei't de bernejierren ferrinne, komt de taalrealiteit fan it bern hieltyd mear fêst te lizzen. De einepyk kin wol rinne sûnder mem-ein, oppasser of meganyk, mar dat kin er allinnich as er yn in bepaalde rjochting rint en dy kin er net sels bepale: dy moat him oanbean wurde. It bern fan in jier kin al wat prate, mar earst allinne mar yn it wylde wei en it docht dan al gau de ûnderfining op, dat it mei it uterjen fan bepaalde lûden wat berikt dêr't it belang by hat. Dêrtroch leart it dy lûden te brûken om wat te berikken; dy lûden krije sa in betsjutting en sa wurde it wurden. It bern makket spontaan allegear spraakklanken, dy't primêr neat 'betsjutte', mar allinne

noot 1 omnipotint = almachtich

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

mar uteringen binne fan ekspeariminten en boarterijen mei syn spraakorganen, stim, tonge ensafuorthinne, mar yn ien sike troch ek mei de reaksjes dy't it dêrmei opropt by de persoanen om him hinne dêr't it wat fan wol, dêr't it mei yn ynterpsychyske en emosjonele relaasje stiet. Dy psychyske relaasje is der al yn de earste wiken fan syn bestean en is alderearst rjochte op en fêstheakke oan de persoan dy't it fersoarget, yn hannen nimt, dermei ompopket, it fuorret, dertsjin laket en dermei boartet.

6 Dy persoan is yn de measte gefallen de eigen mem, mar dat is, fan it bern út sjoen, al wer tafal. As it immen oars is, giet it like goed, foarûndersteld dat dy immen oars der like folle fan har of syn eigen affeksje[2)] yn leit as de biologyske mem. Wy kinne it ek omdraaie: dy persoan is de mem, yn de affektive sin fan it wurd, dy't dizze funksje by it bern folbringt. As in pleechmem dat kin, makket dat foar it bern en de ferhâlding tusken de mem en it bern neat út.

7 Foardat it fermogen ta begripen yn it bern wekker wurden is en syn foarm krigen hat, is der in gefoelskontakt – it hoe dan ek belibjen fan de affektive waarmte yn de relaasje fan mem (of 'mem') en bern. As dy affektive waarmte der net is, mar affektive kjeld en ûnferskillichheid, dan wurdt net allinne de relaasje tusken mem en bern brekfallich, mar komt der ek in brek yn de affektive ûntjouwing fan it bern. En dêrtroch net allinne yn syn affektive, mar yn syn hiele geastlike ûntjouwing, syn fermogen om relaasjes mei minsken te belibjen en te ferarbeidzjen, om te wurdearjen en te fertrouwen, en as it defekt grut is, ek yn syn yntellektuele ûntjouwing, syn fermogen om dingen te begripen, mei inoar yn ferbân te bringen, troch te hawwen, konklúzjes te lûken en yndrukken te bewarjen, ek al komt it stadium dat dizze ûntjouwing bliken docht, pas letter.

8 De mem reagearret op de stammerwurden fan it bern en selektearret se, al nei't hja dy sinfol ferbine kin mei eleminten fan har eigen nei betsjutting en foarmprinsipes fiksearre taalgebrûk. As it bern fernimt dat bepaalde fan syn eksperiminten oannommen wurde en dêrmei in sin krije en sa brûkber wurde foar ferdjipping en yntinsivearring fan it kontakt mei de mem, earst allinnich affektyf, letter al gau ek semantysk[3)], dat wol sizze: wat de betsjutting en tapasberheid op bepaalde sensaasjes, situaasjes en letter ek dingen oanbelanget, dan hat it kaaiwurden fûn dêr't nije wegen mei iepengean.

9 En no docht him in opfallend ferskynsel foar: as dit proses syn beslach krigen hat, dan is it dien mei de boppeneamde frijheidsgraden en alternative mooglikheden, dan is de 'Prägung' folslein en kompleet. It bern is dan, wat syn taalgebrûk en taalfermogen oanbelanget, ôfstimpele op dy iene mooglikheid en kin op gjin inkelde betingst noch in kear tebek om dy hiele wei nochris op 'e nij ôf te lizzen. Krekt as by de einepyk: it moat dan barre as it de dêrta geskikte en beskikte tiid is, oars kin it net mear. Ek de ferliking mei de biogenetyske ûntjouwing bewiist syn jildichheid: elke passearre wiksel yn it baanfek leit de fierdere baan op 'e nij fêst en tebek is net mooglik. Mar lit ús dizze ferliking net betize mei in gelykstelling. It binne analoge prosessen, it is net itselde proses. As de persoanlike ûntjouwing fan in bern bepaalde wiksels nommen hat, leit syn lettere persoanlikheidsstruktuer wol yn grutte halen, mar net absolút fêst. Yn de biogenetika wurde wol wiksels nommen, mar dat binne gjin mooglikheden om te kiezen: de wikselstân leit yn it foar al fêst. By de persoanlikheidsûntjouwing lizze gâns wiksels net sa fêst, al is der gjin reële mooglikheid om te kiezen yn dy sin, dat men by elke nije wiksel eigenmachtich bepale kin hokfoar baanfek men gean wol of kieze wol foar syn bern. Gâns wiksels kin men ynfloed op hawwe, mar yn in net oer te sjen gearmjuksel fan faktoaren. Der binne mar inkelde wiksels dy't men sette kin sa't men wol. Dêrom is pedagogyk sa'n slimme wittenskip en stiet dêr mar sa'n bytsje fêst.

10 By de taalûntwikkeling fan it bern stiet der al wer folle minder fêst en is der al mear mooglikheid om te kiezen. Ik kin myn bern út syn widske pakke en yn in wigwam sette en my der fierder net mear mei bemuoie: dan wurdt Algonkin syn memmetaal. Ik kin de Algonkin-mem freegje om him bepaalde wurden oars te learen: dan wurdt syn taal in feroare Algonkin. En sa bart it ek yndied: de mem fan no docht it dochs wer in bytsje oars as de mem fan in generaasje tebek, hàr mem, omdat net allinne de mem, mar ek de oare persoanen, oare sprekkers, daalk al yn de earste bernejierren, mar letter ek op strjitte, op skoalle, yn it bedriuw, de ferienings en wat net allegearre, ynfloed hawwe op it

noot 2 affeksje = tagedienens, leafde

noot 3 semantysk = wat de betsjutting oangiet

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

taalgebrûk, foaral op de beskikbere en feitlik brûkte wurdfoarrie. Elk yndividu docht it in bytsje oars, mar by alles wat yn ien bepaalde generaasje ien bepaalde mem oars docht en seit as har mem it yn hàr generaasje die en sei, is der in soad dat dy hiele generaasje yn in hiele strjitte, yn in hiel doarp, in hiel gea, in hiele sosjale laach, op in bepaald kultureel nivo, yn in hiel folk, mienskiplik oars docht as de memmegeneraasje. Sa feroaret stadichwei de taal, al bliuwt it memmetaal. Per persoan fernimt men it amper, per generaasje fernimt men it dúdlik, per ieu fernimt men it sterk.

11 It oanlearen fan in taal is dus net sa'n strak proses of der binne fariaasjemooglikheden. Men kin ek in twadde taal leare, mar net krekt oft it wer in earste taal wie. Wat àl kin, is dat in bern tagelyk ien taal en noch in oarenien leart, al sil fan dy twa ien it bern meastentiids affektyf neier wêze as de oare. Ek moat de rol fan de mem net eksklusyf sjoen wurde: it is net allinne de mem, al spilet hja meastentiids de foarnaamste rol. Heit spilet ek mei, yn it iene gefal mear, it oare gefal minder. Wat âlder it bern wurdt, wat mear minsken ynfloed krije op it proses fan de taalûntjouwing: oare bern yn de húshâlding, húsfreonen, beppes, pakes, muoikes, personiel, buorlju, freontsjes, fijantsjes, de strjitte, de skoalle. Wy moatte dus de ynfloed fan mem net dramatisearje of sentimintalisearje. Dochs is grosso modo de relaasje fan it bern mei syn earstlearde taal affektyf laden troch syn affektive relaasje mei de earste meiminske dêr't er alhiel ôfhinklik fan wie en dy't er yn de earste faze fan de foarming fan syn 'ik' net iens fan himsels ûnderskiede koe. Krekt om dizze affektive relaasje neame wy dy earste taal 'memmetaal'; dat mei sintiminteel klinke, it is net ûnwier.

Nei Freark Bergstra „Memmetaal en kultuertaal", út: „Skiep binne der inkeld om skeard te wurden", Gasselternijveenschemond 1998, side 137–142

Tekst 2 Esperanto gaadlik as offisjele eurotaal

12 No al wer mear as fjirtich jier lyn is it stribjen nei Europeeske ienheid begûn mei in Europeeske ekonomyske mienskip fan mar seis lannen: de Benelux, Frankryk, Dútsklân en Itaalje. De steatstalen fan dy lannen waarden as lykweardige Europeeske talen beskôge, al wie it Letzeburchsk doe noch net yn oansjen. Sa njonkenlytsen is it tal by de Europeeske Uny oansletten lannen útwreide oant fyftjin en de ein is noch net oer te sjen, want ferskate Midden- en East-Europeeske lannen wolle harren dêr sa mooglik by oanslute. De Europeeske Uny is dêr noch lang net klear foar. De steatkundige struktuer is der net op berekkene. Mar ek it taleprobleem groeit. As de offisjele talen fan al dy steaten yn Europeesk ferbân as lykweardich beskôge wurde, dan wurdt it tolkeprobleem hieltyd grutter.

13 Yn it Europeesk Parlemint wurdt alles wat dêr sein wurdt, yn al dy talen oerset, sadat elkenien syn eigen taal prate kin en yn dy taal ek folgje kin wat oaren sizze. Foar elke taal ekstra moat it tolke-apparaat likernôch ferdûbele wurde. It liket hast ûndwaanlik – en ûnbetelber – om dêr noch langer mei troch te gean.

14 Wat de skriftlike stikken oanbelanget, is it no ek al lang sa, dat dy ornaris allinne ferskine yn de belangrykste wurktalen, benammen yn it Ingelsk en it Frânsk, mar ek noch wol yn it Dútsk, it Spaansk en it Italjaansk.

15 No soe it fansels mooglik wêze om op Europeesk nivo it tal tastiene talen te beheinen ta ien of inkelde talen. Mar alle steaten komme op foar har eigen taal en gjinien sil der foar fiele om dy op Europeesk nivo sjitte te litten. Net allinnich út prestiizjeoerwagings. Want wa't syn eigen taal farre lit, pleatst himsels yn in ûnderhearrige posysje. Taal is ek macht. Wa't syn eigen taal brûke kin, stiet sterker as ien dy't him mei in oanlearde taal behelpe moat.

16 As ien fan de besteande talen yn Europa ta de offisjele taal fan Europa útroppen wurde soe, dan soene net allinne de sprekkers fan dy taal befoarrjochte wurde, mar harren hiele kultuer soe yn Europa yn in dominante posysje brocht wurde. As dy taal it Ingelsk wêze soe, dan soe de Anglo-Amerikaanske kultuer yn Europa noch mear opgong meitsje as no al it gefal is. Op it fêstelân fan Europa sil dat grif net akseptabel wêze.

17 Elke oare taal sil deselde beswieren oproppe. En in minder fiergeande beheining

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

fan it tal tastiene talen sil by de útsletten talen likefolle beswieren oproppe, noch ôfsjoen fan de fraach hokker talen dan wol en net talitten wurde.

18 Der liket mar ien oplossing foar dit taleprobleem te wêzen en dat is it kiezen fan in neutrale Europeeske wurktaal, in taal dy't net tagelyk de memmetaal is fan in folk yn Europa. Sa'n taal bestiet der al mear as hûndert jier, nammentlik it Esperanto. Spitigernôch hat dy taal net de opgong makke dy't der yndertiid fan ferwachte wie. Mar de Esperantistebeweging hat yn dy hûndert jier wol bewiisd dat it in maklik oan te learen taal is, dy't oer de hiele wrâld brûkber is foar de ûnderlinge kommunikaasje fan minsken út hiel ferskillende kultueren.

19 It grutte foardiel fan it kiezen fan Esperanto as de offisjele taal fan Europa, soe wêze dat der gjin bedriging fan út giet op de taalkultueren fan Europa. Elkenien kin syn eigen memmetaal oanhâlde en it Esperanto is foar elkenien in oanlearde taal foar it ynternasjonale ferkear. As Europa it Esperanto as wurktaal oannimme soe, soe it – alteast ynearsten – bêst noch wol mooglik wêze kinne dat elkenien yn it Europeesk Parlemint syn eigen taal prate mei, mar dy soe dan allinnich yn it Esperanto oerset hoege te wurden, as elkenien dat ferstean kin.

20 It tolke-apparaat soe dan fiks ynkrompen wurde kinne. Esperanto soe de rêding wêze kinne foar it kulturele ferskaat en dêrmei de kulturele rykdom fan Europa en de wrâld. Esperanto hat himsels genôch bewiisd. It fertsjinnet it no dat oerheden dy taal as praktyske helptaal ynfiere en sadwaande it minskdom wer hoop jouwe. Want Esperanto is de 'taal fan de hoop'. Hoop op in bettere takomst.

Nei Rindert Straatsma „Esperanto gaadlik as offisjele Eurotaal", Ljouwerter Krante, 24 novimber 1998

Einde

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.